



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Dizze wike is de famylje foar it Pesachfeest yn Jeruzalem. Alles like sa moai doe’t se oankamen. Jezus is op in ezel Jeruzalem ynriden. De minsken rôpen: “Hjir komt de kening!” Mar fan dat joechei is al neat mear oer.

### **28. Jezus foar Pilatus** **Lukas 23,1-25**

It wie drok by it hûs fan Pilatus, de hegepryster. Hy wie de baas yn Jeruzalem. En hy moast sizze hoe’t it fierder soe mei Jezus.

Heit en mem woene derby wêze as Pilatus rjochtspruts. Pake en ek Sara en Simon wiene meikommen. Se holden inoar stiif fêst by de hân, want der waard bot treaun en krongen. Sara flústere: “Hoe tinksto dat it komt mei Jezus?”

Simon sei: “Ik tink dat Er wol frij komt. Hy hat allinne mar goeie dingen dien.”

Pake knikte en sei, sadat alle minsken it hearre koene: “Jezus is gjin rôver!”

“Stilte!”, rôp Pilatus doe’t se Jezus deryn brochten. “No wol ik einlings wol ris witte, wat hjir te rêden is.”

De minsken dy’t der omhinne stiene, begûnen troch inoarinne te praten. De iene rôp: “Hy mei ús net mear ûntkomme!” In oarenien sei: “It is in oproerkraai!”

“Mar wat docht Er dan?”, frege Pilatus.

In man dy’t foaroan stie, sei: “Hy hat de minsken ferbean om belesting te beteljen. En dat net allinne, mar hy seit ek dat er kening is!”

“Hoe doart er!”, rôp in frou alhiel oerstjoer.

Pilatus gie foar Jezus stean en frege: “Is it wier wat se hjir sizze? Binne Jo de kening fan de Joaden?”

Jezus seach Pilatus oan en sei: “It is sa’t jo sizze.”

Pilatus helle de skouders op, seach de minsken oan en suchte: “Hy hat neat dien dat ferkeard is. It liket my better ta dat ik Him frijlit.”

Doe't de minsken dat hearden, waarden se ferskriklik lilik. Se begûnen opnij trochinoar hinne te praten.

Pake die in stap efterút. Simon seach wol dat pake neat mei dy lilke minsken te krijen ha woe. Hy flústere him yn it ear: "Pilatus hat gelyk! Jezus hat neat dien dat ferkeard is." "Ik wit it goed makke", sei Pilatus, "ik stjoer Him troch nei Herodes. Dy moat de saak mar ôfhannelje. Uteinlik komt Jezus út it gebiet dêr't Herodes baas oer is."

Herodes wie dy dei yn Jeruzalem. Dat kaam goed út. Hy hie al in soad oer Jezus heard. No koe er dan sels mei Jezus yn 'e kunde komme. "Wolsto hjir de baas wêze?", frege Herodes oan Jezus.

Jezus sei neat...

Dat makke Herodes nidich. Hy spotte: "Dêr sjochst oars net nei út. Wacht, ik ha noch wol in keningsmantel foar dy."

De minsken moasten laitsje. De soldaten fan Herodes hongen him in mantel om de skouders. Sa waard Jezus weromstjoerd nei Pilatus.

Pilatus fûn it mar in ferfelende boel. Hy sei tsjin de minsken dy't om him hinne stiene: "Herodes fynt ek dat Er ûnskuldich is. Ik sil him no mar frijlitte."

Mar de minsken begûnen te roppen en te razen: "Hy is faarlik! Hy moat dea!"

Sels in stik of wat prysters rôpen: "Fuort mei Him!"

Pilatus woe hjir it leafst neat mei te krijen ha. Noch ien kear sei er: "Begryp my goed, allegear, ik kin neat fine dêr't Er de dea foar fertsjinne hat!"

Mar der waard net iens nei Pilatus harke. De minsken rôpen yn koar: "Hy moat oan it krús!"

Doe moast Pilatus wol yngripe. Hy draaide him om en sei tsjin de soldaten: "Nim Him mei!"

Sara sloech de hannen foar de eagen.

Mem flústere: "Dat kin net wier wêze..."